

Frijbûtsjer

Moanneblêd fan de FNP

Novimber 2009, nûmer 397

Útnoeging Algemiene Ledegearkomste

It haadbestjoer fan de FNP noegt jo fan herten út ta it bywenjen fan de

**Algemiene Ledegearkomste
op freed 27 novimber 2009
om 20.00 oere
yn hotel 'Duhoux' te Wurdum**

Wurklist

- 1 Iepenjen en meidielings
- 2 Ferlach fan de ledegearkomste fan 15 maaie 2009 (bylage 2.1.)*
- 3 Begutting 2010 (bylage 3.1.)*
- 4 Fêststellen 'Bysûnder reglemint oangeande it lidmaatskip', dokumint foar de Griene Map (sjoch fierderop yn dizze Frijbûtsjer)
- 5 Bestjoersfakatuere
Op dit stuit is der noch gjin kandidaat
- 6 Omfreegjen
- 7 Presintaasje en oanbieding DVD oer de FNP
Jûn de primeur fan de nagelnije promoasjefilm 'FNP – De partij foar Fryslân', mei in presintaasje fan wat de FNP is en wêr't de partij foar stiet. It earste eksimplaar sil oanbean wurde oan Pyt Kramer, ien fan de oprjochters fan de FNP.

SKOFT

- 8 Presintaasje útslach FNP-enkête
Arno van der Zwet hat foar syn promoasje-ûndersyk oan de universiteit fan Strathclyde (Skotlân) in enkête ûnder de FNP-leden ôfnommen. Jûn sil er mei in powerpoint-presintaasje de útslach bekend meitsje en analysearje. In spesjale Frijbûtsjer mei de útslach is dizze jûn beskikber foar de oanwêzigen en sil de oare deis mei de post by de leden komme.
- 9 Sluten

Út namme fan it haadbestjoer,
Anke Dykstra-de Boer, skriuwer

*) De bylagen binne digitaal op te freegjen by de ôfdielingskriuwers en it partijhûs, e-post: fnphus@globalxs.nl of op papier, ek by it partijhûs, telefoan (058) 213 14 22.
By de gearkomste sille der eksimplaren fan de bylagen op 'e tafel lizze.

FNP-stânpunten dogge it goed

Yn de foarige Frijbûtsers skreau ik oer de FNP as werkenbere partij mei heldere stânpunten. Net ûnbelangryk foar in politike partij. Dy stânpunten lykje de lêste moannen allinnich mar oan populariteit te winnen. Weryndieling spilet noch rûnom yn de provinsje. Soms mear soms minder, mar samar ynienen stekt it de kop wer op. It is krekt in firus, lit ús sizze de Fryske gryp. In faksin is lykwols net beskikber. Krekt oarsom, kommissaris Jorritsma is nei de fakânsje fuort wer op paad gien om it firus fierder te fersprieden. De SWH is it earste slachtoffer, mar nei alle gedachten folgje der mear.

Der binne mear punten dêr't we ús as FNP soargen oer meitsje. Ik neam de driigjende besunigings op it provinsjale plattelânsbelied en yn it ferlingde dêrfan in oprop fan de Feanster boargemaster en syn ûnderwiiswethâlder om lytse doarpskoaltsjes te sluten. Johannes Kramer hat dêr yn de LC adekwaat op reagearre.

In oar populêr ûnderwerp is it karakteristike Fryske lânskip. Hieltyd mear minsken beseffe dat we drok dwaande binne dat nei gychem te helpen. Fansels moatte we ekonomysk mei de tiid mei en moatte ús boeren romte krije om te buorkjen. Mar dêrby moatte we tige hoeden mei ús lânskip omgean. De FNP wol ta op in wynmolefrij Fryslân, sa't jim de foarige kear yn it stikje fan Douwe Bylisma lêze koene. Dêrby respektarje we de rjochten fan besteande wynmole-eigners. Under mear PVDA, CDA en GriensLinks wolle krekt mear en noch hegere wynmolens. Wy jouwe de foarkar oan oare, duorsumer foarmen fan enerzjy.

De Sintrale As yn de foarm sa't dy oannommen is – as nije fjouwerbaansdyk dwers troch in natuergebiet – ropt ek in soad wjerstân op. CDA en PVDA hawwe dat plan altyd mei hert en siel ferdigene. De FNP hat in prima alternatyf, better foar it lânskip en feilich. Miskien krijt it noch in kâns yn dizze tiid fan resesje en befolkingskrimp. Fierder is de FNP net bliid mei de nije REC fan Omrin yn Harns, sa't Pytsje de Graaf yn de foarige Frijbûtsers útlein hat. De needsaak is net dúdlik, oerkapasiteit driget.

Wynmolens, Sintrale As en REC, allegear punten dêr't fanwege lânskip en miljeu in soad ferset tsjin is en dêr't aksjegroepen foar yn it libben roppen binne. Okkerdeis noch hat in groep fan 49 keunstners it boek *Giftige Simmer* útjûn as protest en warskôging oan de polityk om ús lânskip net te ferkwânseljen. Dy keunstners soene har allegearre oanslute kinne by de FNP. Ja, eins oanslute moatte om har/ús stânpunten yn de politike arena te befochtsjen. Fansels is ek inisjatyfnimmer Abe de Vries wolkom by ús, nettsjinsteande syn tige persoanlike en dêrtroch suver begrutlike oanfal op Johannes Kramer yn de LC. It stik sei mear oer Abe as oer Johannes. Abe, we ferjouwe it dy. Allegear stride we foar in moai, sûn en sosjaal Fryslân.

Nynke Beetstra, foarsitter

Nijs fan it haadbestjoer

De 'R' is wer yn de moanne. De 'R' fan gearkomsten. Njonken ús eigen gearkomsten hat it haadbestjoer de ôfrûne wiken de provinsje troch west om yn trije regio's mei de ôfdielingsbestjoeren en -politisy om 'e tafel te sitten. It wiene wer trije hiel ferskillende jûnen. De wurklist wie alle kearen deselde, mar elke regio lei syn eigen aksinten. Op dy jûnen waard û.m. troch de PR-kommisje ynterarisearre fan hokker saken yn de kommende riedsferkiezingskampanje ferlet wêze sil: struibrieven, snypsnaaren, rûtbiljetten, ensfh. Yn de Súdwesthoeke lei dat fansels wat oars, omdat fiif ôfdielings dêr net yn maart, mar yn novimber 2010 ferkiezings hawwe sille. Hja binne (noch) net dwaande mei ditsoarte konkrete saken, mar tinke al wol mei-elkoar oer de takomst fan de FNP dêr nei, mocht de weryndieling trochgean. De PR-kommisje hâldt yn alle gefallen in dofke jild apart om dêr de kampanje yn de Súdwesthoeke-gemeente(n) letter yn 2010 mei bekostigje te kinnen.

Begjin novimber hat it haadbestjoer in gearkomste mei de steatefraksje. Dêryn sil alfêst praat wurde oer de provinsjale ferkiezings yn 2011. Mar ek oer it ûndersyk dat yn opdracht fan de OSF útfierd is.

Ûndersyk professor Krouwel

Yn april wie der in OSF-symposium, dêr't troch alle oanwêzige regionale partijen besletten is ûndersykje te litten oft it mooglik is om, yn oparbeidzjen mei-elkoar, mei te dwaan oan de Twadde Keamerferkiezings. Politikoloch Krouwel wie de sprekker op it symposium. Hy hat dêrnei de opdracht krigen in ûndersyk te dwaan, dat as (wittenskiplike) basis tsjinje kin foar it beslút fan de de OSF om al of net mei te dwaan. Yn syn ûndersyk steane twa fragen sintraal: Wat makket regionale en lokale partijen suksesfol by ferkiezings? Hokker programmatyske ynhâld fan regionale en lokale partijen makket de stap nei de nasjonale polityk suksesfol?



In wiidweidige gearfetting fan dit ûndersyk is te finen op: www.wbosf.nl: trochklikke nei *Actueel* en dêrnei: 8 'Weg naar Den Haag vol hobbels en kuilen' ûnder *Locomotie 38*. De folsleine tekst is mei in e-postberjocht ek by it partijhûs (fnphus@globalxs.nl) op te freegjen.

It is ús as haadbestjoer op dit stuit noch net bekend wat der mei dit ûndersyk barre sil. Faaks dat wy dêr op de kommende Algemiene Ledegearkomste mear oer meidiele kinne. Dat is de lêste 'spesjale' gearkomste dy't it haadbestjoer njonken syn eigen gearkomsten dit jier noch hat. Graach oant sjen op 27 novimber!

Anke Dykstra-de Boer, skriuwer

By wurklistpunt 4 fan de Agemiene Ledegearkomste op 27 novimber e.k.

FNP 2-02j, Reglemint lidmaatskip

Bysûnder reglemint oangeande it lidmaatskip

Ynlieding

It lid wurden fan de FNP is regele yn it karbrief (kêst 5) en yn it húshâldlik reglemint (kêst 2). Yn reglemint FNP 2-02g is de lede-administraasje neier omskreaun.

Reden dat dit reglemint FNP 2-02j ta stân kommen is, is in betingst fan de Onafhankelijke Senaatsfractie (OSF) dêr't de FNP mei noch fyftjin oare Nederlânske regionale partijen by oansletten is. De OSF krijt subsydzjes fan de oerheid. Om as FNP oanspraak op dy subsydzje meitsje te kinnen, moatte minsken dy't lid binne fan de FNP ek lid wêze fan de OSF.

Kêst 1

Wa't lid wurdt fan de FNP is teffens lid fan de OSF.

Kêst 2

It lidmaatskip fan de OSF bringt foar FNP-leden fierders gjin ferplichtings en kosten mei.

Kêst 3

It haadbestjoer fan de FNP betellet kontribúsje en furdiget nei de OSF fertsjintwurdigers ôf.

YNSTJOERD

Aksjegroepen en algemien belang

Yn dizze moderne tiden barre gâns dingen dy't bedriigjend binne foar de boarger. It is dan ek gjin wûnder dat hieltyd op 'e nij aksjegroepen ûntsteane. En dat rint fan in jongereinfinken yn It Hearrenfean en in kampus foar skoalútfallers yn Harich oant sâltboarrings en in ôffaloven by Harns en it pleatsen fan wynmûnen yn it flakke lân.

Mar dat giet dan wol oer it persoanlike yn striid mei it algemiene belang, want ús smoargens moat dochs earne hinne en miskien kin dat sâlt der dochs mar better út. En wy wolle dochs ek net dat grutte groepen learlingen mislearje, en al hielendal net dat foar misdiedige jongerein neat mear as de deastraf oer is?

Mar ja, men seit dan: "Wêrom moat it krekt by ús?" En dat is fansels de fraach: wêrom moatte krekt de minsken yn 'e omkriten fan sa'n aktiviteit it belje? As it yn it algemien belang is, dan moatte wy dochs allegearre bydrage?

Yn de boppeneamde gefallen liket my dêr in ienfâldige oanpak foar mooglik. Is der nammmentlik in gebiet dêr't de oerheid tastimming jûn hat foar bysûndere aktiviteiten yn it algemien belang, dan sil de eventuele skea

daliks nei foaren komme yn in relatyf sakjen fan 'e huzepriizen yn sa'n gebiet. Soks kin sels oanlieding wurde ta in flecht fan bewenners, om't se bang binne har huzen aanst hielendal net mear kwyt te kinnen. Dan wurdt de skea noch folle grutter as nedich wie. De oplossing is dan, dat de oerheid ienfâldich it priisferskil byleit. Dat hat noch as bysûnder foardiel dat better sjoen wurde sil nei de rentabiliteit en it optimale plak fan sokke aktiviteiten, om't dy aktiviteiten úteinlik de kosten fan sa'n oerheidsbydrage wurdich wêze moatte. Yn gefal fan net daliks rendabele aktiviteiten, lykas in finzenis, sil dat dan liede ta belêstingferheging, mar dat is net mear as it earlik ferdielen fan 'e skea.

Fansels binne net alle gefallen sa ienfâldich. Noch wol derûnder te beflappen lykje de gefolgen fan it ferleegjen fan 'e wetterspegel yn leechfeangebieten. Wat slimmer is it as it giet oer grûnfersmoarging ûnder in hûs as gefolch fan in lang lyn tastiene benzinepomp, mar dêr giet it dochs ek om in oerheidsmaatregel dy't fergoede wurde kin. Mar soene eins de Friezen en in grut part fan de fierdere Nederlanners ek gjin fergoeding hawwe moatte foar de skea dy't se noch altyd lije troch it âlde beslút it Hollânsk ta 'algemien Nederlânsk' te ferklearjen?

Guon meie dat yrrêel fine, mar tink dan ris oan Sina, dêr't minsken foar it 'algemien belang' sûnder mear út har huzen reage wurde. Sa djip binne wy hjir net sakke, mar itselde sit der dochs wol yn, oant no ta.

Pyt Kramer, Mildaam




Draaiboek gemeenteriedsferkiezings 2010



- novimber De ôfdielingsgearkomste wurdt byinoar roppen troch it ôfdielingsbestjoer om de folchoarder fan de kandidaten fêst te stellen en it konsept-program fêst te stellen (sjoch ek it ôfdielingskarbrief).
De ôfdieling soarget foar in kreas ferslach en bringt de provinsjale deiblêden, de streekkranten en Omrop Fryslân yn alle gefallen op 'e hichte fan de earste trije kandidaten.
- desimber/
begjin jann. **De formulieren foar de kandidaatstelling** moatte by it gemeentehûs ôfhelle wurde. Tink derom, dat it **machtigingsformulier** der ek by sit.
Meitsje kopyen fan (jildige!) paspoarten of ID-kaarten fan de kandidaten.
- 9 jannewaris Op de nijjiersgearsit yn Eksmoarre hâldt de folmacht fan it haadbestjoer **de middeis** sitting om de machtigingsformulieren te tekenjen.
Dy machtiging is nedich om de oantsjutting FNP boppe de list sette te kinnen.
- 19 jannewaris De dei fan de kandidaatstelling. De listen moatte ynlevere wurde op it gemeentehûs fan **9.00 – 15.00 oere**.
Ferjit net om in bewiis te freegjen dat de stikken ynlevere binne!
Dejinge dy't it ynleverjen fan de list op 'e noed hat, docht der goed oan in ferfanger oan te wizen, fanwegen de krektens yn de tiden; ien minút oer trijen binne jo te let!
Praat tegearre ôf hoe't en wannear't der dy deis kontakt is (bgl. 12 oere).
- 20-22 jann. Mooglikheid om net-goedkarde listen te ferbetterjen en op 'e nij yn te tsjinjen.
- 3 maart Ferkiezings!**

Neffens de Kieswet meie oantsjuttings op de kandidatelisten yn de Fryske taal set wurde.



FNP-stânpunt yn it stik fan gearwurking en fúzje yn Noard-east Fryslân

B&W fan Dongeradiel hawwe ûndersocht oft de besteande gearwurking tusken de ferskillende gemeenten ek yntinsiver kin. De konklúzje is dat oan de iene kant Achtkarspelen en Kollumerlân foar elkoar kieze en oan de oare kant Dantumadiel en Dongeradiel. It kolleezje jout de oanbefelling om op it mêd fan dy fjouwer gemeenten allinnich noch projekt-mjittich te wurkjen en op termyn de fúzje mei Dantumadiel oan te gean.

Nei djippeand oerlis hat de FNP-fraksje yn de riedsdiskusjes oer weryndieling it folgjende stânpunt ynnommen: earst witte wat it draachflak is, út krêft byelkoar stappe, de boarger moat der better fan wurde, de foarsjennings moatte beriker bliuwe, ensfh. Geandewei de diskusjes fûnen dy betingsten ek by de oare koalysjepartners yngong.

Yn in amendemint is steld dat yn it fúzje-ûndersyk yn alle gefallen dy betingsten meinommen wurde moatte. De ried stelt dus heldere kaders en sil yn it ferfolchproses toetse oft dêroan foldien wurdt.

As ekstra betingst hat de FNP de seis prestaasjefjilden dêr't in gemeente oan foldwaan moat meinommen. Dat binne foar de tsjinstferliening en de bestjoerskrêft wichtige tema's.

Yn it amendemint beheine wy ús net ta Dantumadiel, mar ek oare gemeenten binne wolkom. Hja sille dan wol oan it ûndersyk meidwaan moatte.

ÚT DE STEATEFRAKSJE

Skaalfergrutting yn de lânbou

'Romtlike konsekwinse fan skaalfergrutting fan de lânbou yn Fryslân', dat is de titel fan it nijste stik dat DS ús taskikt hat foar de diskusje oer de grutskalige lânbou. Yn 2007 hat de FNP-fraksje nei oanlieding fan de lanlike diskusje oer agraryske megastâlen en megabe-driuwen fragen steld. Yn 2008 hawwe Provinsjale Steaten in ekspertmeeting oer dit ûnderwerp organisearre. Op grûn dêrfan hat DS syn stânpunt fêststeld. Provinsjale Steaten hawwe ôfpraak om dit stik te bepraten by de diskusje oer de lânbou.

Doe't wy de stikken ûnder eagen krigen, koene wy konstatearje dat it der goed útseach. De oanbefellings fan it kolleezje komme in aardich ein ús rjochting út. Dy oanbefellings binne:

1. Lânskiplike ynpassing: yn elk lânskipstype wurdt romte bean oan agraryske skaalfergrutting, mei as be-tingst dat der in goede lânskiplike ynpassing neistribbe wurdt.
2. Oerflakte-boublok as resultaat: de boublokken meie net folproppe wurde mei gebouwen. By ferlet oan grutte boublokken (3 à 4 ha) sil de ympakt grutter wêze as by boublokken fan 1,5 à 2 ha. Dêrom sil nei de romtlike effekten dêrfan ek kritysk sjoen wurde. De hiembeplanting sil ek stimulearre wurde.
3. Lânskiplik ynrjochtingsplan: sintraal, net samar gebouwen derby bouwe mar in yntegraal plan. Yn alle gefallen ôfsûnderlik binne de lânskiplike en natuerlike kwaliteiten yn de omkriten beskiedend foar de ûntwikkelingsromte.
4. Ien loket as fêst oansprekpunt: in leechdrompelic oansprekpunt dat de boer fan begjin oant ein bystiet en aktyf begeliedt.
5. De loketgedachte útwurkje.

Wy sille ús de kommende tiid oriïntearje op dizze ûntwikkelings, mar it stik fan it kolleezje kin besjen lije.

Wa't nijsgjirrich is nei de notysje kin dy op www.fryslan.nl besjen of kontakt opnimme mei de fraksjekeamer.

Pytsje de Graaf

Annigje Toering fise-foarsitter Provinsjale Steaten



Provinsjale Steaten hawwe FNP-steatelid Annigje Toering ta fise-foarsitter fan de Fryske Steaten keazen. Dat barde by akklamaasje. Frou Toering folget yn dy funksje Geart Benedictus (CDA) op dy't lid fan de Earste Keamer wurden is.

YNSTJOERD


De FNP yn Alaska

Friezen binne bereizge minsken. Jo komme se rûnom op 'e wrâld tsjin, as jo eagen en earen mar iepen hawwe. Sa kaam it reisselskip dêr't ik yn de hjerst 2008 diel fan útmakke, by de Fryske famylje fan Feie Hekstra yn Byron-



Center yn Michigan. Michigan is ien fan de steaten dêr't jo allinne op de efterkant fan de auto's in nûmerboerd hoege te hawwen. Boppedat meie jo sels witte hokker opskrift jo derop hawwe wolle, as mar net ien jo foar west hat mei itselde foarnimmen. Feie hie it idee om oan syn autonûmerboerd in apart tintsje te jaan en liet as kenteken Feye registrearje. Ek liet er op syn auto, as fokker fan Fryske hynders, in prachtich byld fan syn leafde foar ús moaie swarten skilderje mei de tekst Friesian Horses.

Dit jier gie de reis nei Alaska en dêr wiene ek Fryske ynfloeden sichtber. Sels de Fryske polityk kamen we



tsjin. Yn Glennallen hie de FNP syn stimpel set yn it minsklike ferkear. By hotel Karibu stie dit foarbyld fan oanwêzigens fan ús Fryske nasjonale partij te pronkjen tusken al dy oare 'gewoane' auto's yn.

Stoffel Haagsma, De Gordyk

Frijbûtsjer

FNP-adressen

FNP-Hûs, Obrechtstrjitte 32, 8916 EN Ljouwert
Antwurdnûmer 5034, 8900 VB Ljouwert
(058) 213 14 22; faks 213 14 20; fnphus@globalxs.nl
Buro: Tjibbe Brinkman, Twizel
(0511) 54 22 73, tbrinkman@chello.nl

**It FNP-hûs is iepen op tiisdeis en tongersdeis
fan 9.00 oant 13.00 oere**

Rabobank: 30 50 14 528
Fryslân Bank: 29 80 05 867
Ynternet: www.fnp.nl

HAADBESTJOER

Nynke Beetstra, foarsitter, Grou
(0566) 62 24 85, taalwurkfryslan@hetnet.nl
Anke Dykstra-de Boer, skriuwer, Warkum
(0515) 54 19 97, anke.deboer@zonnet.nl
Gerrit Idsardi, ponghâlder, Twizelerheide
(0511) 44 35 23, gidsardi@kpnmail.nl

Jan van der Kooi, Tytsjerk
(0511) 43 21 27, j.v.d.kooi18@kpnplanet.nl

Schouwtje Scholte-Tjeerdsma, Grou
(0566) 62 15 31, hscholte@hetnet.nl

Aeltsje de Groot-Zantema, Stiens
(058) 257 38 33, n.degroot3@chello.nl

Jaap Hijma, Marrum
(0518) 41 27 72, j.hyma@chello.nl

Jantsje Heeringa, Ljouwert
(06) 4104 7460, jantsjeheeringa@hotmail.com

REDAKSJE FRIJBÛTSER

Willem Tjerkstra, Snits, willem_tjerkstra@hotmail.com

Nynke Beetstra, Grou, taalwurkfryslan@hetnet.nl

Jitske Zaadstra, Turns, jitskezaadstra@planet.nl

Jan Breimer, Grou, jan.breimer@chello.nl

Kopij: p/a FNP-Hûs; e-post: frijb.ynfo@fnp.nl

STEATEFRAKSJE

p/a Provinsjehûs (058) 292 58 03, fnp@sis.fryslan.nl

Janke de Vries, fraksjemeiwurkster

Yde Dijkstra, beliedsmeiwurker

Johannes Kramer, Sibrandabuorren, foarsitter
(0515) 52 06 40, e-post: kramer@sis.fryslan.nl

Annijje Toering-Schuermans, Mantgum
(058) 250 15 64, toering@sis.fryslan.nl

Douwe Bylsma, Stiens
(058) 257 16 35, bijlsma@sis.fryslan.nl

Pytsje de Graaf-van der Meer, Ternaard
(0519) 57 19 29, graaf@sis.fryslan.nl

Marten van der Veen, Twizelerheide
(0511) 44 47 95, m.vdveen@sis.fryslan.nl

WETTERSKIPSFRAKSJE

Lolke Folkertsma, Dokkum, foarsitter
(0519) 22 16 60, lolke.folkertsma@mediact.nl

Wopke Veenstra, Boelensloane
(0512) 34 27 70, wb.veenstra@hetnet.nl

EARSTE-KEAMER: OSF, Hindrik ten Hoeve, Stiens
(058) 257 34 47, htenhoeve@chello.nl

Bûsboekje

Novimber

- 9 Haadbestjoer en Steatefraksje
- 27 Algemiene Ledegearkomste
- 28 Ferskinen ekstra Frijbûtsjer mei útslach enkête
- 30 Deistich bestjoer

Desimber

- 9 Kopij Frijbûtsjer 399
- 10 Haadbestjoer

Jannewaris

- 29 Nijjiersgearsit yn Wûnseradiel

TPG Post
Port betelle

By ferkeard adres, werom nei:
Obrechtstrjitte 32, 8916 EN LJOUWERT

Ynhâld fan dit nûmer

- Side 1 - Útnoeging Algemiene Ledegearkomste
- Side 2 - FNP-stânpunten dogge it goed
- Nijs fan it haadbestjoer
- Side 3 - Bylage by wurklistpunt 4
Bysûnder reglemint oangeande it
lidmaatskip
- Aksjegroepen en algemien belang
- Side 4 - Draaiboek gemeenteriedsferkiezings 2010
- FNP-stânpunt yn it stik fan gearwurking en
fúzje yn Noard-east Fryslân
- Side 5 - Skaalfergrutting yn de lânbou
- Annijje Toering fise-foarsitter Provinsjale
Steaten
- De FNP yn Alaska
- Side 6 - Kolofon
- Bûsboekje